


„Fjildrop“

Hjerst 2019
Nûmer 87







Van de redactie

Foar jimme leit de hjerstedysje fan de Fjildrop. Nei in wer tige waarme en drûge simmer binne we wer yn de hjerst belâne.

Der is mei al de waarsferoaringen in protte diskusje oer it klimaat en biodiversiteit en neam it mar op. De tendins is tsjintwurdich om in bepaalde groep de skuld te jaan fan it feroarjen fan it klimaat. En die moatte harren dan mar oanpasse, sadat de rest trochgean kin mei harren dwaan en litten. Spitigernôch sille we mei syn allen in stap werom dwaan moatte om dêr wat fan te meitsjen. Dan binne we fansels ek noch ôfhinklik wat de rest fan de wrâld om ús hinne docht.

Yn it stik fan Jappie oer de gefolgen fan de neisoarch 2019 beskriuwt dy ek wat er allegearre barre kin mei ûnfermindere CO₂ útstjit.

Op dit stuit binne de boeren fûl yn protest tsjin de plannen fan de oerhieden om de stikstofútstjit werom te bringen, dat is wer in gefolch fan in útspraak fan de Raad van State oer de PAS.

Yn dit foarwurd is it net de bedoeling om dizze problemen (alhoewol sommigen sizze dat er gjin problemen binne) te beneamen en op te lossen

Derfoar is dit net it plak om dat te dwaan, en fansels is der hjir gjin genôch romte op dizze side om alles in plak te jaan.

Oer nei de ynhâld fan de krante.

Sa fine je wer de oankundiging foar de hjerstledengearkomste mei alle stikken die dêrby hearre.

De stân fan saken oer de neisoarch en de briedsoarch yn ús wacht komt oan de oarde.

Ek op de de reüny wurdt weromsjoen.

Mar ek oandacht foar de kommende jierlikse koekaksje, wêr't ús wacht in protte sinten mei binnehelje kin.

Inhoudsopgave Fjildrop Hjerst 2019

Noeging hjerstledegearkomste	4	Excursie Muritz	15
Bestjoersmeidielingen	5	Neisoarch	22
Ferslach maitiidsledegearkomste	6	Vogeltrek	26
40 jier Fûgelwacht	8	Briedseizoen 2019 yn en rûnom de Bin-nemiede-Weeshûspolder	35
Webside nijs	13	Waarnemingen Grote Wielengebied en omstreken 2019	37
Briedsoarch	14	Telling Eurobirdwatch 2019	39
Jeugd en edukaasje	15	Bijzondere meldingen	40
Ulen	17	1e jeugdei van Fryslân	41
Rôffûgels	19		

Contributie			Banknummers:	
Volwassen leden	minimaal € 7,50	echtparen € 7,50	Rabobank	NL45RABO0362720657
Jeugdleden	minimaal € 4,00			
Leden buiten Trynwâlden	minimaal € 11,00	echtparen € 11,-		

Tekening omslag: K.J. Visser

Vogelopvangcentrum:
Fûgelhelling Ureterp 0512-514328



Hjerstledegearkomste Fûgelwacht Trynwâlden

Tongersdei 21 novimber 2019 om 20.00 oere yn
"De Canterlanden",
Canterlandseweg 8, Gytsjerk

Aginda:

1. **(Bestjoers-) meidielingen en ynkommen stikken**
2. **Ferslach ledegearkomste 28 maart 2019** (yn dizze Fjildrop op side 6)
3. **Neisoarch**
4. **Jeugdfûgelwacht** (yn dizze Fjildrop op side 15)
5. **Ekskurzjes** (yn dizze Fjildrop op side 21)
6. **Skoft mei ferlotting**
7. **Sprekker: Theo Mulder, Mulders Agro, oer sûne grûn**
Net oer fûgels diskear, mar foaral oer sûne grûn. Dat is ek tige wichtich foar fûgels, sa't wy witte. It bedriuw fan Theo stiet foar in grut part yn it teken fan in sûne boaiem, in sûne frucht en dertroch in sûn liif. Mulder is hjir al langer mei dwaande en kin der in dúdlike útlis oer jaan. De lêzing is geskikt foar lânbouwers, natuerleafhawwers, minsken mei in grientetún en elk dy't sûn troch it libben wol. Ek jeugdleden en harren âlders binne fan herte wolkom.
8. **Slúting**

SOLDAAT

AUTOSCHADESPECIALIST

NIEUWESTRAATWEG 67 - 69
9061 CM GYTSJERK
TEL.: 058 256 12 45
FAX.: 058 256 19 99





Fjildrop



Bestjoersmeidielingen

Henk Minkes

40 jier fûgelwacht Trynwâlden:

Op 13 april ha we in dei hân op Stania State om it 40-jierrich jubileum fan ús wacht te fieren. Dit wie in grut sukses!! Sjoch fierder yn de Fjildrop foar in ferslach hjirfan.

Pyt van de Polder, Hans Dijkstra, Max Slingerland, Corrie Brandsma, Agnes Mentink en Aafke Vogel hawwe dizze dei organisearre. Der ha ek in protte minsken frijwillich oan meiwurke! Tige tank hjirfoar. Op nei de folgjende 40 jier!!

Nije leden

Prachtich is it om te melden dat der 5 **nije jeugdleden** binne, ek hawwe der 4 **folwoeksene leden** harren oanmeld

Dit nei oanlieding fan de iepen dei, mar ek troch it wurk fan de minsken dy't langs de skoallen gear. Oan de aktiviteiten leit it net: Pyt makket altiten in moai programma!!

Boeren:

In protte boereprotest yn Den Haach en yn de provinsjes. Ik kin my dat sa goed yntinke: Hielten wer nije rigels en beheiningen. Earst soere rein, dan fosfaat, dan CO2, no wer oer stikstof (en al die oare dingen tuskentoch). Ek it gefoel as miljeukriminelen yn de parse te stean. En de boeren harren mar oanpasse. En mar ynvestearje. Ik fyn prima dat hja har sa massaal hearre litten ha. En hja wiene en oe sa oppassend oeral. No sjen of't en wat it as resultaat hat!!



Neisoarch:

Sjoch it prachtige ferslach dat Jappie Seinstra hjiroer skreaun hat!! En sjoch ek nei de stân fan de fûgels! Wat mear ljippen, wat mear skriezen en ek in pear strânljippen mear. Goed nijs yn in jubileumjier!! No sjen of dit op de langere termyn ek trochsette wol.

Gearstalling bestjoer:

• Oftredend en net wer beskikber: Henk Minkes. Dit om't er ferhuze is nei Burdaard. Bestjoersleden moatte neffens it húshâldlik reglemint út it wachtgebiet komme. Net dat ien dit reglemint fine kin op dit stuit, mar Jan Faber en iksels ha dat noch goed yn it ûnthâld. Der is noch gjin nije kandidaat fûn.

De maitiidsgearkomste hat it goed fûn dat Henk foarearst noch aktyf bliuwt as foarsitter. Faaks kinne we in oergongsp perioade ôfsprekke.

• Fierders is it plak fan Henk Dijkstra noch fakant. Der binne ek noch gjin nije minsken foar fûn.

Wij hearre it graach as jimme kandidaten foar dizze fakatueres witte.

En jimme sels beskikber stelle kin fansels ek!

Fûgelmeldingen:

Meldingen fan fûgels, planten en bisten yn en om de Trynwâlden kinne jimme trochjaan oan **Corrie Brandsma (h.brandisma15@chello.com)**

Te keap: Fûgelhokjes:

Op de ledegearkomste en bij Pyt van de Polder thús (Boskwei 13, Readtsjerk) binne wer nêstkastkes te keap fan if fabriikaat Pyt van de Polder. En € 7.50 foar in hokje is net djoer!!

As jimme de hokjes no ophelje dan kinne se ek brûkt wurde troch de fûgels as wintersliepplak. De opringst fan de ferkeap komt alhiel te goede fan de wacht!

**Notenpasta's
noten en
zuidvruchten**

**Kloosterman
Reform- en
Natuurvoeding**

**R. v. Nautaweg 35, Gytsjerk
058 - 256 12 82**



Ferslach maitiidsledegearkomste

Iepening

om 20.00 oere iepenet de foarsitter de gearkomste en hjit alle oanwêzigen wolkom. Der binne 40 leden oanwêzich.

(Bestjoers-) meidielingen en ynkommen stikken

40 jier Fûgelwacht Trynwâlden!!

Jimme ha yn de Fjildrop lêzen wêrom de wacht oprjochte is, wa't dat dien ha en wat de wacht allegearre docht.

Wy hawwe der yn dizze gearkomste omtinken foar.

Om it jubileum te fieren ha we jûn as ekstra in stikje oranjekoeke.

Mar op 13 april pakke we echt út: dan hat it jubileumkomité (Aafke, Agnes, Corrie, Hans, Max en Pyt) in moaie dei organisearre.

Moarns ekskurzjes, middeis in merke op Stania State mei aktiviteiten foar elkenien.

We wolle dat breed yn de hiele Trynwâlden bekind meitsje.

Jaap de Vries

Jaap de Vries is de mei-oprjochter fan de wacht. Hy hat min ofte mear de oanset jûn foar de fúzje tusken de 3 lytsere wachten yn de Trynwâlden.

It is syn doel om op 13 april nei Stania te kommen en dêr de ynformele gearkomste by te wenjen. Dat is wol bysûnder want hy hat al jierren lêst fan syn sûnens.

It liket ús no in moaie gelegenheid om him earelid fan de wacht te meitsjen en de "sulveren ljip" op te spjeldzjen.

Hoe tinke de leden dêroer?

Fanút de seal klinkt in lûd applaus, hjirmei is it foarstel oannommen.

Foarsitter BFVW

Op 1 maart hat de BFVW in nije foarsitter krigen. It is Frans Kloosterman, 55 jier, âld wethâlder fan Eaststellingwerf en mear natuerman as (greide-) fûgelman.

Hij folget Rendert Algra op, dy't 6 jier lang mei in protte ynset en nije inisjativen de karre lutsen hat.

Yn syn tiid is it aaisykjen sa goed as ferbean en dêr hie hy it best swier mei.

Yn syn ôfskiedsprachtsje sketste hij in posityf byld fan de takomst.

Beliedsplan BFVW:

It nije beliedsplan is fêststeld. Dat jout foar de kommende 5 jier op haadlinen oan wer't it BFVW him mei dwaande hâld. Mear witte? Sjoch op de webside fan it BFVW

Ferslach ledegearkomste.

Gjin oanfollingen en it ferslach wurdt fêststeld sa't it is.

Finansjeel jierferslach

Ferslach kaskommisje

De kaskommisje dit jier bestiet út Otto Banga en Klaas Wijnsma. De hearren hawwe gjin ûndúdlikens konstataarre en jouwe harren akkoard op it ferslach.

Otto die it foar it twadde jier dus hij giet derút. Tige tank Otto.

Bestjoersgearstalling

Oftredend en werkiesber: Geert Dijkstra en Corrie Brandsma.

We binne tige wiis dat ús ponghâlder en ús haadredakteur fan de Fjildrop noch in perioade fierder wolle.

We stelle dan ek foar om harren op nei te beneamen.

Dizze minsken wurde bij akklamaasje beneamd.

Ek fakant is noch it plak fan Henk Dijkstra. Hjir is noch gjin ien foar fûn.

Oftredend en net wer beskikber: Henk Minkes.

Hij giet bûten it wachtgebiet wenjen, der is noch gjin nije kandidaat fûn.

Wij hearre graach of jimme kandidaten hjir foar witte.

En jimme sels beskikber stelle kin fansels ek!

Mochten we noch kandidaten fine dan hearre jimme dat op de gearkomste.



Neisoarch

De jûn foar de neisoargers hat west op 6 maart yn Moarskwâl. Der is stilstien bij seizoen 2018 en it kommande jier 2019. Jan Veenstra fan Aldtsjerk hat oanjûn dat it syn lêste seizoen neisoarch is. Dat giet him grif oan it hert, mar Jan tige tank foar dyn ynset yn de neisoarch!!

Jeugd en edukaasje

Pyt betanket de helpers fan it ûnderhâlden en skjinmeitsje fan de ûle kasten.

Hooplik wurdt it in moai briedseizoen.

De swellen tellers kinne noch wol in pear minsken brûke, liket dit jo aardich? Meld jo dan oan by it bestjoer.

De oantallen hoarnûle skommelje nochal, hearre jo jongen piipjen? Graach melde by Pyt.

Mei de jongerein wurde der wer in oantal nêstkasten makke wurde foar de readsturt, dit projekt sjocht der in protte belovend út

Ekskurzjes

Alles stiet op dit stuit yn it ramt fan it kommande jubileum, op dizze dei sille der in oantal koarte ekskurzjes hâlden wurde. Nei de feestdei sil der sjoen wurde nei in bûtenlân ekskurzje

Omfreegjen

Gjin omfreegjen mear.

Skoft mei ferlotting.

De netto opbringst is 75 euro

Presintaasje troch ús natuerfotografen Jappie Seinstra en Lubbert Boersma.

Téma's:

- de natuer yn en om de Trynwâlden yn 40 jier.

- aktiviteiten fan de wacht

Dizze betûfte fotografen litte it beste fan harren wurk troch de jierren hinne sjen!!

Sluting

De foarsitter slút de gearkomste om 22.35 oere en winsket elkenien in goeie (neisoarch-) tiid ta.

Koekactie 2020



Al sinds jaren vindt in januari van elk jaar de koekactie van de Fûgelwacht plaats.

Eerder was het zo dat het hoofdbestuur van de BFVW een fonds had ingesteld voor de bijvoeding van vogels tijdens moeilijke winterse omstandigheden.

Om dit fonds te voeden had men de zgn koekactie ingesteld. Ook werd de opbrengst gebruikt voor nestbeschermers/nestkasten en kunstnesten (o.a. voor zwaluw en zwarte stern).

Tegenwoordig kunnen de wachten de opbrengsten zelf aanwenden voor diverse zaken. En de opbrengsten zijn niet gering; van elke verkochte koek vloeit € 1.30 in de kas van de plaatselijke wacht.

U kunt een doos kopen van 36 koeken, á 2 euro per stuk. De koeken kunnen uitstekend in de vriezer worden bewaard, en smaken daarna nog net zoals u ze gekocht heeft. Bent u geen koeketer, of is het aantal te veel deel ze dan met uw collega leden van onze Fûgelwacht, of met uw burens.

Of ziet u kans éen doos of meerdere te verkopen deur aan deur, meldt u dat dan even op de naarsvergadering of rechtstreeks bij Geert Dijkstra: 06-57041597, dijkstrag@cs.com of bij Henk Minkes: 06-17384915, henkminkes@kpnplanet.nl

In verband met de bestelling van de koeken bij de leverancier, de aanmelding graag voor 1 december 2019



40 jier -Fûgelwacht Trynwâlden- 40 jier

We kunnen terugkijken op een geslaagd jubileumfeest met diverse activiteiten voor leden en niet-leden. Deze dag leverde zelfs een aantal nieuwe leden op: 4 nieuwe leden en 5 jeugdleden. Allemaal WELKOM.

De voorspellingen voor het weer waren echt niet bijzonder, koude harde oostenwind met een temperatuur van slechts 7-8 graden en hier en daar een hagel- of sneeuwbui. Enfin, vol goede moed werden op vrijdagavond de tenten opgebouwd



Programma 's ochtends:



Excursie Bouwepet, watervogeltelling. Start bij het Stenenmonument aan de Halligenwei om 09.30
Met 3 deelnemers + Pyt van de Polder en Jappie Seinstra. Donkere lichten tijdens deze wandeling. De deelnemers kwamen enthousiast na 1,5 uur weer terug. Het is ook zeker de moeite



Excursie weidevogels bij schapenhouder Hessel Boersma in het Bûtefjild. (Plas -dras). Lammetjes en schapen
Belangstelling voor deze activiteit was tijdens de hele morgen groot.



Excursie Fûgelhut "Lysdobbe" bij It Aventoeer aan de Wynzerdyk. Weidevogels en plas dras. 6 bezoekers hebben genoten van dit plas dras gebiedje. Op deze ochtend waren wel 75 kemp-hanen te bewonderen. Het was prachtig



Excursie zangvogels en natuur. Betty Kooistra in Park Stania State e.o. tussen 10.00 uur en 12.00
Betty Kooistra wist veel te vertellen over de vogels, oa het geluid van de groene specht, de bloemen, groei van varens en bomen. Ook de tulpenboom met zijn prachtige stam werd bewonderd. Deze wordt vaak verward met de magnolia.



Fjildrop



Speciaal voor de kinderen:



Boomklimmen door Kevin Bosma in het park. Een enorm succes. Kinderen stonden in een rij te wachten tot ze aan de beurt waren. Ondanks een hagelbui bleven ze enthousiast.



Het polsstok springen was eveneens een groot succes. Kinderen die verschillende keren achter elkaar wilden springen, arme Gert Jan. Zelfs tijdens een sneeuwbui. Ze kregen er geen genoeg van.



Insektenhotel maken
Jaap Faber geeft aanwijzingen hoe een insectenhotel gemaakt kan worden.



Einekoer flechtsje
Eendenkorf maken door Rypke Glas en Hindrik Kooistra.



Fjildrop



Programma 's middags



Foto's van Lubbert Boersma en Jappie Seinstra in Stania State.

De presentatie van deze mooie foto's werden tijdens het opwarmen en nuttigen van warme chocolademelk/koffie/thee, want het was buiten toch wel koud, bewonderd.



Ringgroep Bergummermeer: presentatie en uitleg CES-ring project door Pyt vd Polder



BFVW-stand

met veel informatie over de weidevogels, voorbeelden van de eieren, voor de kinderen stickers etc.



Trynergie

Veel informatie over oa. duurzame energie in eigen regio met voordelen voor deelnemers, onze streek en het milieu



It Fryske Gea,

de dames van deze stand gaven veel informatie over de activiteiten van het Fryske Gea, over komende excursies en workshops.



Veiling van beelden en vogels gemaakt door Jan Faber.



Aan het eind van het buitengebeuren werden de beelden van Jan Faber verkocht. Het opgebrachte geld werd door Jan aan Fûgelwacht Trynwâlden geschonken.

Bijzondere belangstelling was er voor de grote houten uil.

Afsluiting van deze feestelijke bijeenkomst



Met koffie en oranjeboek, een hapje en een drankje, muziek van Aant Westra en het overhandigen van een erelidspeld voor de oprichter van onze Fûgelwacht, Jaap de Vries, wordt de dag afgesloten met een dankwoord door onze voorzitter Henk Minkes.

Het jubileumlied van Aant is in deze Fjildrop op de volgende bladzijde te vinden.

De foto's zijn van Max Slingerland

Op de site zijn meer foto's te bewonderen.






OP 'T LANDGOED
STANIA STATE



**GENIET ALS IN
VERVLOGEN TIJDEN**

*Schuijf ook eens aan voor Koffie, Lunch,
Diner of kom Picknicken in het park!*

Bekijk alle mogelijkheden op www.staniastate.nl





**Brasserie
De Canterlanden**

LUNCHROOM • SNACKPUNT • PARTYSERVICE

patat en snacks • plateservice • croissanterie
lunchroom • ijs, milkshakes & diverse ijscoupes

maaltijden • diner • gezellig zitten • receptie
partyservice • verwarmd terras • live muziek

Canterlandseweg 8, Gytsjerk
Telefoon: (058) 256 11 44

foar iters en drinkers en sa mear...



Gytsjerk

Haven 1 • (058) 256 25 88

Burgum

Tsjibbe Geartsstrjitte 2 (0511) 46 12 82 • Markt 63 (0511) 46 13 27

Veenwouden

Hoofdstraat 21 (0511) 47 23 58

Hurdegaryp

Fuormanderij 7 (0511) 47 23 65 • Stationsweg 1 (0511) 47 23 18

Leeuwarden

Lieuwenburg 87 (058) 267 26 77

*De Warme bakker
om dagelijks
van te smullen!*



**DE BOER
SERREBOUW**

**VERGROOT UW
WOONCOMFORT**

Bouw uw droomserre samen met De Boer Serrebouw

058 256 2332
Andringasingel 13, Denkerk

www.deboerserrebouw.nl



Fjildrop



Tusken de Moark en 't flaaksfabryk

Tekst en muzyk van Aan Westra

Tusken de Moark en 't flaaksfabryk.

Al wurde we hûndert jier âld,
Der is mar ien plak op 'e wrâld,
In plak om altyd fan te hâlden,
In plak mei de namme Trynwâlden.
Wij fleane nei East, West en Súd,
't Is raar, mar it jout net in sprút,
Want as we dêr binne, wer woll' we dan hinne:
Ja krekt, wer nei hûs en akút!

We binne út 'e skroeven, ja wier!
Us Fûgelwacht wurdt 40 jier.
In oade oan warbere wrotters
Yn't spier foar de mosken en protters.
It fjild yn foar skries en de ljip,
Yn noed foar de mies en de snip.
De Fûgelwacht, donder, dêr kin't hjir net sonder
Al 40 jier lang in begryp!

Refrein:

Tusken de Moark en 't flaaksfabryk,
Tusken 't Healbird en de Breedyk,
Leit ús Trynwâlden as in flekje op 'e kaart.
Tusken Turkijebosk en 't Set,
Tusken 't Sebêd en Bouwepet,
Dêr leit it plakje grûn, wer't ik ek berne waard.
Dêr ha we boarte yn Stania-State, Atsjebosk
mei hert en siel,
Der ha we swommen yn'e Sânfeart en bij Vis-
ser yn'e Wiel,
Ik fiel mij thús yn d'ald Mûnein,
De Reade Hoas en bij Bosk-ein,
Der is mar ien Trynwâlden en dêr is't mei sein!

Webside nijs.

Pyt van de Polder

Alles wat draaie moat hat in startmotor nedich. Dat is ek mei it begjinnen fan in webside sa. In dit gefal is Hans Dijkstra de "startmotor" fan ús webside. Mar de bedoeling fan in startmotor is dat dy de aksje trochjout oan in gruttere motor. Dat is de motor dy't de boel draaiende hâld. In it gefal fan ús webside is dat ek Hans Dijkstra.

De webside hat fan't simmer wat te lang stillein. Der wiene gjin nije dingen op te sjen. Hans en ik hiene it beiden te drok om wat nijs oan te leverjen om der op te setten.

As ik sa rûnom my hinne hear fan minsken wat dy sjoen en belibbe hawwe yn it fjild, freegje ik my wolris ôf werom dy ferhalen en foto's net op ús webside komme. Wy hawwe genôch natuerleaf-hawwers mei goeie foto tastellen om moaie foto's yn te stjoeren. In lyts ferhaaltsje der by en klear is it. It kin fia it mailadres: educatie@fugelwacht.trynwalden.nl

De webside is in prachtich moai nijskanaal om ynformaasje op kwyt te wurden. Wy moatte der mei -inoar foar soargje dat it net as in nachtkears dôvet.

Foar fragen lykas hoe it oanlevere wurde moat kinne jo terjochte by Hans Dijkstra as Pyt fan de Polder.



Auto Olijnsma in Gytsjerk heeft meer dan vijftig jaar ervaring in verkoop, onderhoud en schadeherstel van vrijwel elk automerk.

Wij leveren nieuwe en gebruikte auto's

- Occasions
- Nieuwe auto kopen
- Auto importeren

Onderhoud

Van de reguliere APK tot het achterhalen en verhelpen van vervelende storingen, van ruitreparatie en aircoservice tot het uitdeuken van kleine deukjes. Voor zowel uw eigen auto als leasewagens en ook campers.

Sinds 1869 uw betrouwbare partner in mobiliteit
Rinia van Nautaweg 2B, Gytsjerk • 058 - 256 12 24

www.autoolijnsma.nl



Fjildrop



Briedsoarch

Pyt van de Polder

De briedsoarch hâld yn alle fûgels útsein de greidefûgels. Dus ûnderoare de sjong-, rôf-, wetter-en boskfûgels mei de ûlen en de swellen. Yn de ferlaggen hjirûnder en op de siden 17 en 19 kinne jimme de briedresultaten fine fan earder neamde fûgels foar safier wy dat byhâlde. De nêstkast gegevens fan dit jier binne der net by fanwegen tiidkrapte en ûnderbesetting. Wat noch wol barre moat is it skjinmeitsjen en it plak fan de nêstkasten fêstlizze mei de app sadat de gegevens yn it BFVW systeem steane. Dizze beide saken kinne yn ien kear ôfwikkele wurde. Nij is de tiidline yn de grafyk fan de swellen. De gegevens fan 2018 litte in daling sjen by de grûnswellen. Dit hat te krijen mei de situaasje yn de sânput by Stienendaam. It iene jier is de briedgelegenheid grutter as it oare.


Oersjoch swelle tel resultaten

2019						totaal
soart	Gytsjerk	Oentsjerk	Aldtsjerk	Mûnein	Readtsjerk	nesten
boereswel	70	41	93	47	103	354
wytgatswel	75	16	19	7	14	131
toerswel	3	2	0	0	0	5
grûnswel	0	0	0	0	200	200
teller	André	Pyt	Pyt	Pyt	Pyt	690

De telling fan swellen yn Trynwâlden

	2017	2018	2019
boereswel	290	322	354
wytgatswel	108	119	131
toerswel	7	6	5
grûnswel	230	215	200
totaal	635	662	690

Utliz by de grafyk rjochts:
 Boppeste line: boereswel
 Twadde line: grûnswel
 Trede line: wytgatswel
 Underste line: toerswel



Boeresweltsjes





Fjildrop



Jeugd en edukaasje

Pyt van de Polder

Mei jeugd en edukaasje kinne wy twa kanten út, dat binne de skoalen besykje én de eigen jeugdleden fan de wacht oandacht jaan. No't der wer sân bern lid binne krije wy it hjir wer wat drokker mei. Wy hawwe ek in skoftsje sûnder jeugd sitten en dan kamen wy allinne by de skoallen ús ferhaal te fertellen. Derom bin ik bliid dat Feikje Hoekstra har op de iepen dei oanmeld hat as nij lid. Hja komt út it ûnderwiis en is ek sljocht op de natuer, leafst yn it fjild en sa breed mooglik wurkje mei bioferskaat. Dan leare de bern der it measte fan is ek har miening. Al boartsjend mei de natuer yn oanrekking komme is de opset.

Wy sille in skema opsette moatte mei in breed programma ferdield oer alle fjouwer tiiden fan it jier. Dat soe ôfwikseljend kinne mei de skoallen en oars nei skoaltiid op in fêst momint yn de moanne bygelyks. Wy wolle wer oandacht oan de natuer jaan troch de bern der by te belûken. Yn sa'n moaie omjouwing as de Trynwâlden moat dat wol slagje liket ús. As der âlders binne dy't niget hawwe om hjir oan mei te dwaan, dan kin dat om ús. Eins soe it trochjaan fan de natuerkennis troch âlders en pakes en beppes de gewoanste saak fan de wrâld wêze moatte. Mar der binne safolle oare nije dingen, dat sels in protte âlders amper noch witte wat der yn de natuer omgiet. It winterskoft lient him goed om hjir ris oer te stinnen en yn de maitiid mei in moai programma te kommen.

Tenei mear.

Pyt fan de Polder mei bern fan it Sinnehonk



Technisch Bedrijf

Tjeerdsma b.v.

Elektrotechniek - Verwarming - Ventilatie - Gas - Water - Sanitair
Zinkwerk - Dakbedekking

Al 100 jaar

OENTSJERK - RENGERSWEG 10 - TELEFOON 058-2561264 - FAX 058-2562776



Fjildrop



www.dorenbosarchitekten.nl 058-2562003



AUTOGARAGE FENNEMA

**ALLE MERKEN - REPARATIE
APK - AIRCOSERVICE
ONDERHOUD LEASEAUTO - PECHHULP**

Dr. Kijlstraweg 14, 9063 JB Mûnein
(058) 256 14 08 • 06 - 21 84 04 66
info@autogaragefennema.nl



WWW.AUTOGARAGEFENNEMA.NL



Ulen

Pyt fan de Polder

Ule suksessen.

Mûzen by de rûs betsjut ek ûlen by de rûs. Dat is dit jier goed nei foaren kaam. Der wie ek al sizzen fan troch ûndersykbuero's en it komt út foar yn elk gefal trije soarten.

De **wâldûle** is wol hiel betiid warber op in plak yn de Trynwâlden mar bried net yn de simmer.

De **hoarnûlen** hawwe it yn fergelyk mei ferline jier hiel goed dien. Der binne in stik as seis briedsels west (foar safier bekind is) wêrfan wy by tafal ien mei trije jongen ringe hawwe. Op de oare plakke hawwe wy allinne de jongen heard en wiene wy te let om te ringjen, as de beam wie net fertrout om yn te klimmen. It sil my benije wat der dizze winter yn de roestbeammen werom te finen is fan dit briedsukses.

Ek de **fjildûle** hat mei fjouwer briedgefallen yn de Trynwâlden e.o. hiel suksesfol west. Fan trije nêsten binne de jongen goed útflein. Ien nêst leine acht gelde aaien yn én wie der predaasje fan in harmelyn. Yn de oare nêsten leine ek acht en sân aaien. Oer alle nêsten binne der mar twa jongen ferlern gien en binne njoggen aaien net útkaam. Yn Fryslân binne oer de fyftich briedsels west. De measten yn de Súdwesthoeke. De boeren mei in nêst op it lân hawwe in fergoeding kriegen fan de provinsje Fryslân foar it stean litten fan it gers. Fan dizze ûlen hawwe wy in protte drokte hân mei it folgjen fan de briedprosessen en it der foar soargjen dat de jongen goed útfleane koene. Mei help fan de lân eigenaren en behearders wie dit mooglik. Tige tank hjirfoar.

Mar de **goudûle** hat noch it grutste sukses mei oer de honderdsechtich jonge ûlen yn de Trynwâlden en de oare Wâlden. Wy hawwe yn 2014 honderdtrije jongen ringe. Der binne mear twadde briedsels west as ea earder. Ek dizze groep minsken, dy't de noadige drokte fan de nêstkasten yn harren skuorre hawwe, tige tank. Jo moatte der wol niget oan hawwe om hjir oan te begjinnen.

Mar in nêstkast yn in beam kin ek. Dit hawwe wy yn Gytsjerk op in plak meimakke dit jier. Der binne fiif jongen suksesfol útflein. Sels yn de tsjerketoer fan Gytsjerk binne trije jongen út it aai kaam. Op ús webside kinne jo in filmke hjir oer besjen.

Allegearre hiel bysûnder.

Jimme kinne wol neigean wat foar in drok jier dit west hat foar it hiele briedsoarch barren. Dêrtroch binne de nêstkasten foar sjongfûgels yn de bosken fan Trynwâlden net neisjoen en no witte wy net hoe dat dit jier gien is. Dit komt mei troch te min mankrêft op sa'n stuit. Wy soenen bêst wat nije minsken brûke kinne om te helpen by de briedsoarch.

Hjir ûnder in ienfâldich oersjoch yn sifers fan de Goudûle.

Tal nêstkasten: 62 wêrfan beset 34 gemidd. sukses per kast 4.7 twadde briedsels 8

Tal jongen ferlern fan earste briedsel: 11

skatting tal jongen bûten de nêstkasten om 22


Mei tank oan; Albert Visser, Jon Abma en Harry Altena.



Jonge
fjildûle




Fjildrop



KAFEE IT WAPEN FAN FRYSLAN



*Speciaal bierkafee
& itery*



Ook voor uw: vergadering, receptie, feestje

Jurjen & Maaike Boonstra

Rengersweg 51, 9062 EC Oentsjerk • (058) 256 17 47 • jurjen@kafee.nl

www.kafee.nl

ADG



AUTOBEDRIJF

BAUKE DAMSTRA

Nieuwe Straatweg 44 - 9061 CP Gytsjerk - Tel. 058 -2562992

**kwaliteit
goede service
scherpe prijzen**





Rôffûgels

Pyt fan de Polder

Wat we by de ûlen seagen giet net yn deselde mjitte op foar de rôffûgels.

De **mûzebiter** bygelyks hat nettsjinsteande syn stapel-iten, dat is it iten wêr't hy it measte fan kriget, net safolle jongen grut brocht hat as de ûlen mei itselde iten. No hawwe wy net alle nêsten neisjen kinnen fanwege tiidkrapte mar der wiene nêsten by mei ien pyk en in geld aai. Ik tink dat der gemiddeld itselde tal nêsten wie as ferline jier wer in oardel jong per nêst grut wurden is. Wy fine hjir net deselde sukses oantallen as by de ûlen.

De **brune hoarnskrobber** hat, foar safier wy witte, om de Trynwâlden hinne in stik as acht nêsten hân. Dat is in skatting op basis fan waarnimmingsen. De nêsten binne faak dreech te finen yn it hege riet.

It wie wol in goed jier foar de greidefûgels. Troch it hege tal mûzen kamen de rôffûgels net oan de greidefûgelpiken. Boppedat sieten de wyfkes fan de rôffûgels sels te brieden op it stuit dat de skrieze- en ljippe piken út it aai kamen. Dy koene sûnder al te folle predaasje fleanfluch wurde.

De **reade wikels** hawwe it krekt as de mûzebiter yn ferhâlding ek net hiel goed dien. Dy ite ek in protte mûzen. Mei sa'n 84 jonge wikels, fan Ryptsjerk oan de Seedyk ta, wie dat net bysûnder. Der wiene wol in tal nêstkasten by mei 6 jongen der yn. No sille der ús ek wol in pear briedgefallen ûntkaam wêze mar it wie net sa as mei de mûzepleach fan 2014, doe hawwe inkelde pearkes foar de twadde kear bret.

In opfallend grut tal **sparwers** is grut wurden dit jier. Hjir hawwe wy 5 jongen fan ringe. Mar der binne op noch twa plakken hjir yn de buert jongen grut wurden. Dêr kamen wy efter doe't hja yn de buert fan it nêst omfleagen. Miskien dat de stienmurd ek op mûzen oer gien is dit jier en hat it him tefolle muoite koste om de jonge sparwers út de beam te heljen sa as ferline jier.

Sels de **blauwe wikel** hat mei twa nêsten yn elk gefal 6 jongen grut brocht. Dat kin wolris te krijen hawwe mei it opfallend ûntbrekken fan de **hawk**. Dizze toppredator misse wy al foar it twadde jier yn ús omjouwing. Jierren efter-elkoar hat dizze fûgel hjir bret. It komt de jonge hoarnûlen en oare rôffûgels wol wer goed út.

Mei tank oan de klimmers Gerrit Krottje, Jonny Van der Galiën en Kevin Bosma.



Jonge brúne hoarnskrobber





De Trochreed



Voor uw:

- * groepsdiners * bruiloften
- * koude / warme buffetten * vergadering
- * buitenlandse buffetten * recepties
- * gourmetparty's * reunie

Zalen van 20 tot 200 personen.

Reserveringen op afspraak

Tel.: 058 256 11 48 b.g.g. 256 29 30

Fax: 058 256 36 99

"DE TROCHREED"

Fam. R. Jullens

Bosweg 27

9067 DM Roodkerk



Terras / serre aan het water

Geschikt voor al uw: recepties, vergaderingen,
koud- en warmbuffet, barbecues, enz.
Bij ons wordt geen zaalhuur berekend.

Luxe broodjes , diverse plates en snacks (ook afhalen)

Verhuur van: tent (div. maten), biertap en statafels.

Ook voor catering.



Het gezelligste café
aan de elfstedenroute!

Tot ziens bij: Henk en Jannie Breeuwsma
v. Sminiaweg 107, 9064 KG Aldtsjerk
Tel. 058-256 33 00 - www.cafemoarkswal.nl



MASSAGEPRAKTIJK KEIMPE DE VRIES

Voor sportmassage, massage bij kanker,
ontspannings- en hotstone massage

Nieuwe Straatweg 34

9061 CP Gytsjerk

www.stijvespieren.com

058 256 34 19

06 12 95 92 00

keimpedevries@zonnet.nl

**DE LEKKERSTE KOEK
VINDT U BIJ DE
NEDERLANDSE
KOEKKAMPIOEN!**






Van de excursiecommissie

Buitenlandexcursie 2020: 1000-Seenplatte (het gebied rond Müritz) in Duitsland

De najaarsexcursie 2020 is van dinsdag 6 oktober tot en met zondag 11 oktober 2020. Het reisdoel deze keer is het gebied rond het meer Müritz. In Duitsland bekend als de 1000-Seenplatte. Op het kaartje is te zien waarom. Het is een gebied met veel variatie: in de kern veel meren en (oude) bossen en iets meer daarbuiten ook veel open gebieden, die vaak extensief beheerd worden. In het boekje "Vogels kijken in Noord-Oost-Duitsland" van Hans Peters wordt veel aandacht aan dit gebied besteed. Hier is een verscheidenheid aan vogels aan te treffen. De website spottingwildlife.com omschrijft het gebied als volgt:

*Wil jij **vogels spotten in Duitsland**? Dan heb jij de keuze uit verschillende **bestemmingen** zoals bij de **wadden**, de **Elbe** of bij het **Müritz nationaal park**. Het Müritz nationaal park is misschien wel de beste bestemming om in Duitsland op zoek te gaan naar verschillende soorten vogels. De **vogelsoorten** waar het Müritz nationaal park bekend om staat zijn **kraanvogels**, **zeearenden** en **visarenden** die in dit gebied **broeden**. De zeearenden blijven het hele jaar door in het gebied terwijl de kraanvogels en visarenden verder **trekken**. Een van de hoogtepunten is de **najaarstrek** van de **kraanvogels** die een stop maken in het Müritz nationaal park voordat zij verder trekken via Lac de Der (Frankrijk) naar Spanje en het noorden van Afrika. De belangrijkste vogelsoorten van het Müritz nationaal park zijn de zeearend, visarend en de kraanvogels. Naast deze soorten zijn er vele andere vogels te spotten zoals wintertaling, grote karekiet, roerdomp, tureluur, groenpootruiter en zwarte ooievaar. Andere dieren zijn eekhoorns, edelherten en bijvoorbeeld vleermuizen. In het bezoekerscentrum is een gids te verkrijgen met de beste plekken om verschillende soorten vogels te spotten.*

We hebben nog geen keuze gemaakt uit de vele onderkomens voor groepen. Wel hebben we gezien dat het lastig wordt om een (betaalbaar) onderkomen te vinden zonder stapelbedden. (Johannes en ik gaan, samen met Truus en Simone, begin volgend jaar daar kijken om een accommodatie uit te zoeken).



We vragen jullie je zo mogelijk via de mail op te geven. Graag vermelden: naam; adres; woonplaats; telefoonnummer (ook 06-nr); en met nadruk ook of je **je auto beschikbaar stelt om te rijden**.

Graag hebben we wel dat je nu al meldt of je mee wilt gaan. Dan weten we hoe groot een onderkomen moet zijn. Graag mailen naar:

Marten van Dalen 058-2675102 mjvdalen@gmail.com
 Johannes Mosselaar 058-2561032 johannesmosselaar@hotmail.com
 Henk Minkes 058-2562964 henkminkes@kpnplanet.nl

Hoofdpunten	
Excursiedoel:	1000-Seenplatte, rond het meer Müritz
Periode:	Dinsdag 6 oktober t/m zondag 11 oktober 2020
Vervoer:	Eigen auto's
Reis	Van Gytsjerk naar Müritz, ca 560 km.
Verblijf:	Informatie volgt in de FR van maart 2020
Eten:	De inzet is "Volpension in de accommodatie" maar eventueel zelfcatering
Kosten:	De richtprijs is rond de € 250, maar of dat helemaal haalbaar is??



Fjildrop



Reunie van alle excursies?

In de vorige Fjildrop hebben we gevraagd om foto's/filmpjes voor een reünie van alle excursies te organiseren. En aan te geven of er belangstelling voor is.

Omdat we daarop geen enkele reactie hebben gehad, denken we dat er geen/te weinig belangstelling voor is. Daarom hebben we besloten ervan af te zien. Zoals het nu staat komt er dus geen reünie van alle excursies vanaf 1983.

Foto's van Falsterbo 1983



de heide (roofvogeltrek)



de camping

NEISOARCH 2019

Jappie Seinstra

IT WAAR

De rekordwaarme en tige drûge simmer fan 2018, waard folge troch, hoe kin it ek oars, al wer in te sêfte winter. Noch nea wie it sa waarm yn febrewaris. Moandei 25 febrewaris giet de boeken yn as de waarmste febrewarisdei ea metten yn ús provinsje. It waard 17.2 gr.C yn Sigerswâld. Maart wie ek tige sêft en tagelyk útsûnderlik wiet, wêrmei it delslachtekoart fan foarige simmer wer in bytsje kompensearre waard. It provinsjegemiddelde kaam út op 113 mm., tsjin 63 mm. normaal. It temperatuurgemiddelde wie 2 gr. boppe normaal. April wie waarm en sinnich, mar ek tige droech. It te drûge waar sette ek yn maaie troch, mar de temperatuer gong ûnderút. Maaie wie te kâld mei geregeld froast oan de grûn yn de nachten. De simmer folge mei it iene nei it oare rekôr. Yn De Bildt wie sprake fan de waarmste juny maand sûnt 1889. Mar july spande de kroan, mei in nij hitterekord fan 40,7 gr. C yn Gilze-Rijen!. It âlde rekôr wie 75 jier lang yn hannen fan Warnsveld mei 38,6 gr.C! Yn Fryslân waard it yn Siegerswâld 37,1 gr. It âlde rekôr wie 36,5 gr. Ek wrâldwiid wiene juny en july de waarmste moannen sûnt it begjin fan waarnimmingsen yn 1880. Sûnt 1979 is al sawat 40% fan it see-iis yn it noardpoalgebiet ferdwenen. De seespegel is sûnt 1880 al 20 sm. omheech kaam. Troch it smelten fan de permafrost yn it noarden komme der enoarme folumes methaan en CO2 frij. Mei as gefolch dat de temperatuer noch fierder oprint, wêrtroch noch mear iis smelt en de seespegel allinnich mar heger wurdt. De ferwachting is dat tsjin 2030 der simmers gjin iis mear lizze sil op de noardpoal en de seespegel oant 2100 tusken 61 cm. en 1,10 meter stige sil as de CO2 útstjit ûnfermindere trochgiet! (LC 15-03-2019, LC 26-08-2019, LC 26-09-2019)

BIOFERSKAAT

Mei in promoasjepakket binne alle molkfêhâlders dit foarjier frege om de rân fan harren greiden by te sjidzjen mei in miks fan bloeiende krûden. Dat is goed foar it bioferskaat. De krûden lûke ynsekten oan. De jonge pykjies ite de ynsekten en kinne harren ferskûlje yn de rân. Dit wie in aksje fan "Grutsk op ús greidefûgels" wêryn de provinsje, lânbou-organisaasjes, de BFVW en ûnderwiisinstellingen fertsjintwurdige binne. De aksje wie in grut sukses. (LC 03-04-2019)

Resint ûndersyk fan it "Louis Bolk Instituut" en "Van Hall Larenstein" hat útwiisd, dat krûdenrike gerslannen mear ynsekten oanlûke dan it hjoeddeiske boerelân. Op de giele plakstrippen yn de krûdenrike perselen sieten fierwei de measte ynsekten. Ek in protte grouwe. En krekt dy binne tige wichtich foar de greidefûgels. Goed foar it bioferskaat en de greidefûgels, mar ek goed foar de opbringst? De gedachte wie altyd, dat de opbringst en it gehalte minder wurde en it túch de oerhân krijt as it Ingelsk raaigers mikst wurdt mei wite klaver, sûkereie (wilde cichorei), hynstebloom en hûnetonge (smalle weegbree) om mar in pear fan de gêrlânkrûden te neamen.



Dat blykt in misfetting te wêzen. Fan ekstra ûnkrûd is gjin sprake en de opbringsten binne op syn minst gelyk en yn drûge riten sels oansjenlik heger. De foerwearde falt wol wat leger út, mar der stean wer hegere mineralengehaltes tsjinoer dy nei alle gedachten de sûnens fan de kij te goede komme. Mar der is noch net wittenskiplik bewiis foar neffens de ûndersikers. (LC 07-06-2019)

MESTYNJEKSJE

Mestynjeksje soarget foar minder en lytsere dauwjirms. Fûgelleafhawwers en boeren roppe dat al jierren. Mar dat is no ek wittenskiplik fêststelt troch Jeroen Onrust fan de RUG (Rijksuniversiteit Groningen). Ut it ûndersyk docht bliken dat yn greiden dy't ynjektarre binne mei driuwrest, minder reade dauwjirms foarkomme as yn greiden bedonge mei rûge dong. Derfoar binne twa ferklearringen neffens Onrust. Troch mestynjeksje wurdt de gersmatte iepen snien, ferskraalt de boaiemstruktuer en wurdt de toplaach gevoeliger foar drûchte. Dauwjirms ha hjir net folle mear te sykjen. De wjirm dy't hjir wol de kop boppe de grûn útstekt, is boppedat lytser, omdat de grûn mei driuwrest minder fieding befettet as grûn mei rûge dong. It advys fan Onrust is om wer mooglik rûge dong te brûken. As dat net slagget, dan neamt hy noch de mooglikheid om de driuwrest te skieden yn in tsjokke en in tinne fraksje of bokashi te meitsjen, troch de driuwrest te mingen en te fermintearjen mei plantmateriaal. Dan hoech je net te ynjektarren, nimt dochts de ammoniakútstjit ôf en it is folle better foar de greidefûgels.(LC 09-03-2019)

JACHT OP SKRIES EN WYLP

It like der foarich jier noch op dat de jacht op de skries yn Frankryk wer tastien wurde soe yn 2020. Der kaam in protte protest fan fûgelbeskermers en organisaasjes út omringjende lannen en foaral út Nederlân. Neffens Kommissaris Karmenu Vella giet de Europeeske Kommisje der dwers foar lizzen as de jacht op skries wer iepene wurdt. Neffens Vella mei de jacht op in fûgelsoarte net wer iepene wurde as dy soarte yn oantal ôfnimt. Dit alles yn oerienstimming mei de "Europese Vogelrichtlijn".(LC 16-01-2019).

Fierder is de jacht op de wylp ferbean yn Frankryk. De Frânske oerheid hie jagers tastimming jûn om dit jier 6000 wylpen ôf te sjitten. De heechste bestjûrsrjochter fan Frankryk hat der no in streek troch set, omdat de oantallen wylpen hurd efterút gean. De wylp stiet sels op de Reade List. (LC 28-08-2019)

Ljip mei dauwjirm





Hoantsen



PREDAASJE

Neffens sûchdierekoloog Jasja Dekker moatte der yn Fryslân in pear tûzen stienmurden omrinne. Nei't de ôfrûne jierren by Aldeboarn ûndersyk dien waard nei de nêstpredaasje troch stienmurden, hat de provinsje no viif nije ûndersyksgebieten oanwiisd. It giet om de omjouwing fan de reservaten Skrok en Skrins, De Workumerwaard, de Wynzerpolder, de polder Westergeest en de Sweagermieden. By de nêsten komme kamerafallen te stean, om rôvers te betraapjen. Yn twa fan dizze gebieten sille dit foarjier bisten sindere wurde. De stienmurd wurdt troch boeren en neisoargers ferantwurdlik holden foar in grut part fan de predaasje yn greidefûgelgebieten. Yn Soarremoarre, noardlik fan Aldeboarn, waard de ôfrûne twa jier al ûndersyk dien. Yn 2017 waarden hjir 54 nêsten yn de gaten holden mei kamera's. Hjirfan sneuvelen 33, wêrfan 18 troch stienmurden. (LC 21-02-2019)

Yn en om de Wynzerpolder waarden dit foarjier troch neisoargers (Age en Jorn Sikma, Henk Oud en ûnderskreaune) fan ús Fûgelwacht yn it ramt fan dit ûndersyk ek in oantal kamera's pleatst by nêsten fan greidefûgels. Dit yn gearwurking mei Altenburg en Wynia, Noardelike Fryske Wâlden, Fûgelwacht Birdaard en Wyls, Jasja Dekker, Bob Jonge Poerink fan Ecosensys, Jan Eal en Rinske Meindertsma en mei tastimming fan SBB. Omdat der yn de Grutte Wynzerpolder de lêste jierren hast gjin greidefûgels mear ta brieden kamen, is it wetterpeil ferhege, binne der foar it briedseizoen in oantal plasdras-gebieten oanlein en in oantal stikken bedonge mei rûge dong. Dit hie fuortendaliks sukses. Rûnom de wiete stikken tilde it wer op fan de greidefûgels. 5 April fûnen wy al de earste skriesaaien. It wie dan ek gjin probleem om nêsten te finen foar de kamerafallen.

De resultaten fan it ûndersyk binne noch net útwurke, mar de predaasje foel ús parten mei. Foaral yn de Wynzerpolder kamen fierwei de measte nêsten út. Op in pear kamerabylden wie de seekobbe te sjen as predator en op ien de stienmurd mei in aai yn'e bek. Fierder ha wy wol in protte útfretten aaien, foaral eine- markol aaien en deade fûgels fûn. Guon derfan binne as meunster opstjoerd en sille ûndersocht wurde. Midden yn de Wynzerpolder waard ek noch in hol fûn fan in murd. De lege predaasje sil sûnder mis te krijen ha mei de yn grutte oantallen oanwêzige mûzen. Fierder binne der ek noch in oantal ljippepykjes sindere troch Altenburg en Wijmenga, mei help fan Age en Jorn Sikma. Opfallend hjirby wie dat de ljippepykjes op de mais it better diene en folle hurder groeiden dan de pykjes op reguliere boerelân en greppel plas-dras.

Mooglik fanwege de kjeld yn de nachten. In ferklearring kin wêze dat it maislân de waarmte folle better fêsthâldt. Je soenen sizze dat op de mais gjin fretten is foar de pykjes, mar dat blykt ta te fallen. Der sitte wol in protte grutte krûpende ynsekten sa as spinnen en tuorren. Ideale biotoop foar de ljippepykjes soe dus eins wêze: mais of boulân mei krûderike rânen + greppel plas-dras!



NEISOARCHRESULTATEN FOARJIER 2019





Troch de drûchte en kjeld yn maaie, mei in protte froast oan de grûn, binne der doe in protte foaral ljippepykjies dea gien. De temperatuer op klompichte sakke nachts soms oan 3-5 gr. ûnder nul. As de pykjies ûnder de âlders sitten bliuwe kinne, is dat gjin probleem. Mar as der in protte fersteuring is troch bygelyks nachtrôvers en de âlders moatte de pykjies tydlik allinnich litte, dan giet it mis. Der komt noch by dat der troch de drûchte minder fretten wie foar de pykjies. Sa as hjirboppe al neamd, foel it dit jier oer it algemien mei de predaasje wat ta. Nei alle gedachten omdat der in protte mûzen wiene, wêrtroch de predatoren de greidefûgels mei rêst lieten. By de alarmtellingen binne dan ek in protte jonge fûgels teld. Foaral de skries hat it goed dien, mar ek de tjirk. Mar dat kin takom jier wolris hiel oars wêze. Want ek de mûzeniters, sa as bygelyks mûzefalk, brune hoanskrobber, mar ek wezeling, harmeling, murd en stienmurd ha profitearre fan it grutte oantal mûzen en in protte jongen krigen.

Hjirneist de grafykjes mei it oantal briedpearen per 10 ha fan de 4 haadsoarten. It oantal briedpearen fan de ljip sawol as dat fan de skries en strânljip is licht tanaam:

- Ljip 1,52 bp/10 ha (wie 1,31)
- skries 0,78 bp/10 ha (wie 0,69)
- strânljip 0,58 bp/10 ha (wie 0,44)

Allinnich it oantal briedpearen fan de tjirk is licht sakke nei 0,54 bp/10ha (wie 0,59). Fan it waarlamke (watersnip) binne 11 briedpearen waarnommen (foarich jier 13).

Fierder wiene der 2 mooglike briedgefallen fan de hoants (kemphaan) yn de Bin-nemiede. It soe moai wêze as dizze prachtige fûgel him definityf wer fêstiget yn ús wachtgebiet.





Fjildrop



It BTS (bruto territoriaal sukses) fan de fjouwer haadsoarten jout in yndikaasje fan wat der terjochte komt fan de pykjes. It BTS wurdt berekkene út it oantal alarwearjende fûgels by de alarmtellingen. Foar it yn stân hâlden fan de populaasje moat it BTS sa tusken de 50 en 60% of heger lizze. Mar dat helje wy de lêste jierren lang net (sjoch ûndersteande tabel).

Allinnich it BTS fan de skries wie dit jier rom foldwaande mei 65%. De ljip docht it mei in BTS fan 24% net sa bêst, mar derby moat oantekene wurde dat de ljip faak meardere lechsels hat, wertroch net alle alarwearjende âlders yn de fladderwiken teld wurde.

Opm.: De alarmtellingen binne net yn it hiele wachtgebiet dien, mar op in oerflak fan sa'n 1300 bunder.

